

BOUKE POELSMA

Oer it libbensferhaal fan De Brand

Op 31 maart 2023 kaam der in ein oan it libben fan keatsleginde Johannes Gerrit Brandsma. It libbensferhaal fan De Brand is optekene troch de Jirnsumer sjoernalist en skriuwer Edward Jorna. De goed 400 siden en 100 foto's tellende biografy oer de markante topkeatser ferskynt yn de simmer fan 2024. "It is in bealch fol wurk, mar ik ha Johannes beloofd om myn bêst te dwaan. Syn dea is foar my noch in ekstra stimulâns om der wat moais fan te meitsjen."

It ferstjerren fan Johannes Brandsma (65) komt yn it betide foarjier fan 2023 hurd oan yn de keatswrâld. Healwei febrewaris kriget De Brand te hearren dat hy noch heechút seis moanne te libjen hat. Seis moanne wurde goed seis wike, sa docht op 31 maart bliken. "It oerrompele my. Ik hie nea tocht dat it allegear sa hurd gean soe. Johannes syn dea hat my fertriet dien", sa seit Edward Jorna.

Yn it sfearfolle Jirnsumer kafee-restaurant De 2 Gemeenten fertelt de sjoernalist en skriuwer ein desimber 2023 wijdweidich oer Johannes Brandsma, de haadpersoan fan syn fûstdikke boek 'De Brand, it libbensferhaal'. Jorna (Wytgaard, 1969) moat dizze jûn efkes wenne oan syn rol as ferteller, sa seit er. "Meastal bin ik dyjinge dy't it fraachpetear ôfnimt en it skriuwblok foar him lizzen hat."



Johannes Brandsma yn 2019, yn Marsum. Dizze foto heart by it yndrukwekkende artikel dat Edward Jorna oer Brandsma skriuwt foar it FD. (foto: Henk Bootsma)

Yndrukwekkend ynterview

It is perfoarst gjin tafal dat krekt Edward Jorna wurk makket fan Brandsma's biografy. "Ik moast dit boek meitsje, sa fielde it." Yn 2019 skriuwt Jorna foar it Frysk Deiblêd al ris in yndrukwekkend ferhaal oer Johannes Brandsma. "It keatsseizoen rûn nei de ein. Der wie gjin direkte oanlieding foar in petear mei De Brand. Hy stjoerde my yn 't foar noch in berjocht. 'Wêr wolst it oer hawwe?', sa frege er. Dat fûn ik opfallend. 'Oer dy', sa antwurde ik." Brandsma fertelt yn it stik iepenhertich oer de depresje, dêr't hy nei syn skieding yn bedarret. 'Het andere, maskerloze gezicht van De Brand', sa stiet der as kop boppe it artikel. "Der wienen net in protte minsken dy't fan syn swarte perioade wisten, útsûndere syn neisten."

Jorna bout troch it petear en it krante-artikel in fertrouwbân mei Brandsma op. Mar op dat stuit is der noch gjin sprake fan in biografy. "Yn 2020 kaam ik op it idee om mei Johannes de kafees en de doarpshuzen yn te gean. It like my wol wat om as oanjouwer te fungearjen, mei Johannes as smoute prater." Troch koroana komt it der net fan. "Dan meitsje ik in boek oer dy", sa seit Jorna op in dei tsjin de miskien wol bêste keatser ea. "Johannes fûn dat fansels net sa'n gek idee. Hy stie graach yn 'e belangstelling."


'Ik kin neutraal oer him skriuwe'

As (sport)sjoernalist hie Jorna lange tiid net betinke kinnen dat hy ea in boek skriuwe soe. "Dat wie gjin ambysje fan my. As sjoernalist skriuwst al genôch. Ik wit noch dat der ris in oprop stie yn 'e Ljouwerter Krante: 'Oer hokker Fries moat in biografy ferskine?' Gerrit Lettinga neamde de namme fan Johannes Brandsma en hy wie derfan oertsjûge dat it inkele ferrassende ynsichten jaan soe. Mar ik hie doe noch net it idee dat it skriuwen fan syn libbensferhaal wat foar my wêze soe."

De saken feroarje as de kollums dy't er oer it hûndertjierrich bestean fan vv Heerenveen skriuwt, bundele wurde yn it boek 'Bravo Heerenveen'. It makket him entûsjast. En mei trije bern dy't harren sels yntusken aardich rêde kinne, kin de Jirnsumer tiid frijmeitsje om njonken syn wurk de biografy oer De Brand te skriuwen. "Ik bin keatsleafhawwer, skriuw al flink wat jierren en koe neutraal oer Johannes Brandsma skriuwe. Letter ha wy in fertrouwbân opboud. Dat makket it makliker. It plaatsje kloppe."

Skriuwe is trochsette

Sadwaande ferskynt goed tritich jier nei it eardere boek fan Jelle Bangma (Bretaalwei De Brand, 1992) op 'e nij in biografy oer Johannes Brandsma. 'De Brand, it libbensferhaal' rollet yn de rin fan dit jier fan de



De foarkant fan it boek dat dizze simmer oer Johannes Brandsma ferskynt. (bron: Edward Jorna)

parsen en sil goed 400 siden en 100 foto's telle. It boek ferskynt yn it Frysk. Jorna jout de biografy yn eigen behear út. Okkinga Communicatie sil de opmaak dwaan en it boek wurdt drukt by Van der Eems. Jorna tinkt oan in oplage fan 750 eksimplaren. "Der is neat moaier as it yn eigen hân te hâlden. Ik bin net dwers, mar ik doch graach wat ik sels wol. Ik moat wol sizze dat ik in geweldich soad holpen wurd troch minsken om my hinne."



Byld nei de ferlerne PC finale fan 1984, f.l.n.r. Sake Saakstra, Piet Jetze Faber en Johannes Brandsma. (foto: Kolleksje Johannes Brandsma)

Jorna lústere mei in soad nocht nei de fjouwerdielige podcast Testamint fan de Siel fan LC-sjoernaliste Martine van der Steege mei en oer skriuwer Hylke Speerstra. “Skriuwe is trochsette, sa seit Speerstra. Dat is mei dit boek net oars. It skriuwen jout my enerzjy, mear as dat it my kostet. Mar it is yntinsyf. Komst dysels tsjin. It is in bealch fol wurk, mar ik ha Johannes beloofd om myn bêste te

dwaan. Mear kin ik net dwaan. Syn dea is foar my noch in ekstra stimulâns om der wat moais fan te meitsjen.” Jorna hat fjouwer goede einredakteuren ree fûn dy’t syn wurk mei in krityske blik (en pro Deo) beoardielje sille.

Jorna set syn earste sinnen fan de biografy op 16 febrewaris 2023 op papier. Hy hat dan krekt fan Johannes heard dat er ûngenêsljik siik is. “Ik woe eins yn maaie begjinne, omdat ik doe trije wike yn it Skriuwersarkje fan Rink van der Velde op De Feanhoop siet. Mar ik bin earder úteinset. Johannes hat de haadstikken oer syn broers Pieter en Lieuwe en syn idaal Tamme Velstra noch lêze kinnen. Ek de foarkant fan it boek ha wy noch tegearre útsocht.”

Boek sketst tiidsbyld fan jierren tachtich ‘De Brand, it libbensferhaal’ giet oer de minske en de keatser Johannes Brandsma. Ek sketst it boek in tiidsbyld, foaral fan de jierren tachtich. “Dat wienen de gloarjejierren fan Johannes. Yn 1982 helle hy 98 punten, noch altiten in rekôr. Mei syn maten Sake Saakstra en Piet Jetze Faber foarmet de Seisbierrumer in partoer dat hast net te ferslaan is. De kranten skriuwe lyrysk oer Johannes en komme superlativen tekoart. It wie in tiid mei in protte goede keatsers. Syn generaasjegenoaten beskôgje him hast allegear as de bêste keatser ea.”

Fan novimber 2021 oant syn dea hat Jorna yntinsyf kontakt mei Brandsma. Tegearre rinne se alle partijen by del dy’t Johannes ea keatst hat. De plakboeken helpe harren dêr by. “Johannes hie boppedat in ferskriklik goed ûnthâld. Dat fyn ik karakteristyk foar de sportman en de leafhawwer dy’t er wie.” Jorna siket foaral nei de ferhalen efter de keatspartijen, dy’t hy sa moai en goed mooglik opskriuwe wol. Yn it boek komme hast gjin stannen en beskriuwings fan wichtige slaggen foar.

Jorna nimt Brandsma mei werom nei Seisbierrum, it plak dêr’t de keatsikoan opgroeit. “It wie in moaie dei. Ik ha doe safolle ferhalen fan him heard.” Se meitsje in slach troch it doarp en rinne alle huzen by del dêr’t er wenne hat en fierder geane se ek by syn âlde legere skoalle en de tsjerke del. As se op it hôf rinne dêr’t syn heit en mem lizze, seit De Brand: ‘Aansten is ús generaasje oan bar’.

Jorna beskriuwt yn syn boek de famyljeskiednis fan de Brandsma’s, dy’t yn 1899 Opperkoaten by De Tille nei alle gedachten op in boat ferlitte om in takomst op te bouwen yn Seisbierrum. Johannes hat it keatsen net fan in frjemd. Syn heit Johannes wint op ‘e PC fan 1942 in lytse preemje. “Syn heit wie doe’t er fyftich jier wie noch de bêste by de CFK yn de 35+. Omdat syn skouder stikken

wie sloech er hast alle ballen ûnderhânsk. Dat hat Johannes fan him ôfsjoen, sa sei er. Neffens Johannes hie Alle Jan Anema letter ek sa'n moaie ûnderhânske slach.”

Jorna en Brandsma meitsje mear útstapkes. Sa geane se ek in wykein nei België, dêr't se in besite bringe oan it toernoai yn Braine-le-Comte en (in dei letter) oan it toernoai op de Grutte Markt fan Brussel. “Johannes waard dêr yn 1985 útroppen ta bêste spiler. It keatsen yn Belgje belibbe heechtjidaden yn de tiid dat Johannes aktyf wie. Hy soarge mei syn oanwêzigens foar hegere besikersoantallen. Johannes fertsjinne yn dy tiid 33.000 gûne yn ien seizoen. Dat wie swart jild fansels. Jan Modaal moast it doe dwaan mei 28.000 gûne. Syn Belgyske tiid, ferdield oer twa perioaden, hat him ek as minske in soad brocht. Johannes syn heit fûn it lykwols mar neat dat hy dêrhinne gie te keatsen. Sa makke hy gjin kâns mear om boppe-oan te kommen yn it punteklassemint fan alle tiden.”

‘Hy wie in leave man’

Jorna leart Brandsma yn 2022 goed kinnen. “Johannes wie in leave man, mei in lyts hertsje. Hy wie in tinker. Hy sei somtiden krekt it tsjinoerstelde fan wat hy bedoelde en dan ek noch lichtlik oerdreaun, sa't se dat ek yn 'e Wâlden sa moai kinne. Der moasten je trochhinne prikke, mar lang net elkenien koe dat.”

Sa't it heart yn in biografy giet it net allinne oer de suksessen en de positive karaktereigenskippen fan de haadpersoan. Ek de swakheden fan de topkeatser wurde troch Jorna beskreaun. “Johannes wie ûnwis. Hy hat eins neat makke fan syn maatskiplike karriêre, dêr't hy in soad kânsen yn lizze litten hat. Sels hie hy der trouwens gjin spyt fan, om't er ek in soad wille hân hat. Johannes hat fierstente tefolle dronken en smookt. Dat tekene him yn syn gesicht. Hy hat in moai libben hân, mar de lêste tsien jier nei de skieding fan syn frou Janny wienen net it leukst.”

Kloatsjekken op 'e PC

Neffens Jorna stie Johannes Brandsma net foaroan doe't ea it takt útdield waard. Nei syn earste perioade yn België komt Brandsma yn 1987 as keatser werom op 'e PC. De lanlike kranten skriuwe deroer. Yn petear mei AD-sjoernalist Dick van Gangelen - de heit fan ESPN-gesicht Jan Joost - seit Brandsma dat der op it Sjûkelân mar 100 minsken mei ferstân fan keatsen omrinne. “Voor de rest zijn het allemaal klootzakken”, sa seit 'de bêste kening dy't de PC nea hân hat'. Van Gangelen - dy't grif efkes mei syn earen stie te klapperjen - set it sitaat fan Brandsma yn 'e krante, wêrnei't de keatser ferskate reaksjes kriget. “Sit der mar net oer yn. Do bist ien fan dy 100 minsken”, sa krije guon keatsleafhawwers



Snein 14 july 1985. Op de Grote Markt wint Braine de Grutte Priis fan Brussel. Johannes Brandsma wurdt ferkeazen ta bêste keatser fan de dei. Efter De Brand stiet op grutmidden Marcel Dufour. Op de grûn sit (hielendal rjochtsûnder) José Letroye silliger, yn 1973 de earste winnaar fan de 'Gouden Handschoen'. (foto: kolleksje Johannes Brandsma)

te hearren as hja Brandsma konfrontearje mei syn opfallende útspraken.

Jorna's boek oer Brandsma stiet grôtfol mei dat soarte fan anekdoates, sûnder dat it yn de eagen fan de skriuwer tefier giet. “Yn syn begjinjierren wie Johannes steld mei Johannes van der Meij en Minne Hovenga. Se wienen alle trije frijgesel en koenen te kust en te keur. Johannes gie



Johannes Brandsma atletysk en stylfol yn aksje op 'e boppeline. (foto: kolleksje Johannes Brandsma)

graach efter de froulju oan. Hy hie eins ek gjin echte freonen. Mar ik woe perfoarst gjin plat boek skriuwe. It boek giet ek net foar alles. Ik wol gjin minsken tsjin de holle stjitte. Janny, de eks fan Johannes en harren bern Bianca en Ivan hawwe de haadstikken dy't oer it leafdeslibben fan Johannes geane fan tefoaren lêzen."

Johannes Brandsma bleaun oant it lêste ta by it keatsen kommen, ta ferwûndering

fan guon oare âld-keatsers. Jorna skriuwt der ek oer. 'Dat je nei safolle jierren noch net loskomme kinne fan dat smoarge rotkeatsen en hielted wer befêstiging sykje'. Neffens Jorna moast Brandsma sels altyd laitsje om dat soarte fan lúden. "Dêr stie hy fier boppe."

Tafallichheden

Johannes Brandsma is op 31 maart 2023 allinnich thús as hy yn syn wenplak Achlum stjert. Hy wurdt moarns fûn troch de bern Bianca en Ivan (en oanhing) en syn âlde keatsmaten Sake Saakstra en Piet Jetze Faber. "Ik fûn it in wûnderlik tafal dat syn eardere keatsmaten krekt dy dei op besite kamen. Der wienen dy dagen wol mear tafallichheden. Fjouwer dagen letter ferstoar ek âld- omdropmeiwurker Gryt van Duinen, dêr't Johannes yn it ferline goed kontakt mei hie. Op de dei fan syn kremaasje waard The Passion opfierd yn Harns, de stêd dêr't Johannes sa gek op wie."

'De Brand, it libbensferhaal' sil fan 'e simmer ferskine. De skriuwer wit noch net hoe't en wêr't hy it boek presintearje sil. "Faaks is de Bogt fen Guné wol in moai plak." Johannes Brandsma mocht dêr as sidekick fan it PC-Kafee graach komme. Boppedat siet hy op de fiifde woansdei nei 30 juny alle jierren neist syn bruorren op 'e Bogttribune.

Jorna is bliid as it boek der aanst leit. Yn de takomst komt der grif mear wurk fan syn hân, mooglik oer de 'Brusselse Kermis', de sa goed as ûnbeskreaune jierren (1979-1985) fan sc Heerenveen ûnder trener Henk van Brussel, of oer reedrydster Atje Keulen-Deelstra. "Mar it wurdt aanst earst tiid om wer ris wat faker op de racefyts te stappen."



Foarferkeap

De biografy fan Johannes Brandsma kostet € 34,99. Lêzers fan De Keatsfreon kinne de biografy 'De Brand, it libbensferhaal' ûnder fermelding fan harren namme, adres en wenplak foar € 29,99 yn de foarferkeap bestelle by skriuwer Edward Jorna. Hy is te berikken op edwardjorna@hotmail.com of op 06 - 29013457. As jo yn Fryslân wenje dan bringt de skriuwer it boek sels by jo oan de doar.